



Parseberjocht

2 septimber

Programma's Omrop Fryslân yn in oar jaske troch nije studio

Fan moandei 4 septimber ôf sjocht it der oars út op telefyzje by Omrop Fryslân. Mei in wiidweidige feroaring fan de telefyzjestudio's komme de programma's der ek oars út te sjen.

De earste feroaring dy't opfalle sil is it waarberjocht. De waarminskens steane no noch op in bûtenlokaasje mar komme yn it gebou te wurkjen. "Dat is om't it waar hieltyd wichtiger wurdt", seit haadredakteur Ingrid Spijkers. "Wy hawwe faker te krijen mei ekstremen en dus is it wichtich dat wy dêrop ynspringe kinne. Mei in green screen kinne ús waarminskens dat mei in kaart oersichtlik sjen litte en ek kinne waarfoto's ynstjoerd wurde."

Fryslân Hjoed yn in oare setting

De presintatoaren fan Fryslân Hjoed stean anst te presintearjen yn stee fan sittend achter in desk. "Dat is dynamysker, dy fraach kaam ek fan de presintatoaren sels", seit Spijkers dêroer. "De presintatoaren lykje sûnder desk ek tichter by de sjoggers, dat is wat wy as Omrop graach wêze wolle."

Rapper skeakelje

De ferskate settings steane anst allegear yn ien studio. In green screen yn de iene hoeke, in tafel foar gasten yn de oare en in steande desk by de autocue in pear meter fierderop.

De feroaringen binne nedich om't ek de tiid feroaret. Mei de nije studio kin Omrop Fryslân rapper skeakelje en is it fleksibeler. In útstjoering wurdt dynamysker mei mear eleminten sa as waar, nijsblokjes en gasten deryn.

Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinst kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk: publyk@omropfryslan.nl of (058) 299 78 60.



Omrop Fryslân



Kom fierder



Persbericht

2 september 2023

Programma's Omrop Fryslân in een ander jasje door nieuwe studio

Vanaf maandag 4 september ziet het er anders uit op televisie bij Omrop Fryslân. Met een grote verandering in de televisiestudio's komen de programma's er ook anders uit te zien.

De eerste verandering die gaat opvallen, is het weerbericht. De weermensen staan nu nog op een buitenlocatie, maar zij komen in het gebouw te werken. "Dat is omdat het weer steeds belangrijker wordt", zegt hoofdredacteur Ingrid Spijkers. "Wij hebben vaker te maken met extremen en dus is het belangrijk dat we daarop kunnen insprijgen. Met een green screen kunnen onze weermensen met een kaart het weer overzichtelijk laten zien en ook kunnen weerfoto's worden ingestuurd."

Fryslân Hjoed in een andere setting

De presentatoren van Fryslân Hjoed staan straks te presenteren in plaats van zittend achter een desk. "Dat is dynamischer, die vraag kwam ook van de presentatoren zelf", zegt Spijkers daarover. "De presentatoren lijken zonder desk ook dichterbij de kijkers, en dat is wat wij als Omrop graag willen zijn."

Sneller schakelen

De verschillende settings staan straks allemaal in een studio. Een green screen in de ene hoek, een tafel voor gasten in de andere en een sta-desk bij de autocue een paar meter verderop.

De veranderingen zijn nodig omdat ook de tijd verandert. Met de nieuwe studio kan Omrop Fryslân sneller schakelen en is het flexibeler. Een uitzending wordt dynamischer met meer elementen zoals waar, nieuwsblokjes en gasten erin.

Noot voor de redactie

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek: publyk@omropfryslan.nl of (058) 299 78 60.



Omrop Fryslân



Kom fierder